

Spulwike Nijs



Spulwike Littenseradiel 2021. 12 oan't en mei 15 july 2021. 18e jiergong.



Fanút de stichting

Welmoed: Myn earste echte jier as foarsitter fan de Spulwike. En wat foar in jier... In bytsje oars as oars. Foarich jier koene wy gjin Spulwike organisearje en dit jier wie it wer spannend: kin it troch gean of net? Begjin juny ha wy nei in soad digitale oerlizzen de knoop troch hakke: it giet oan! Wêr we oare jierren altyd rom in heal jier tarieding hiene, moast der no yn seis wiken in hiele Spulwike opsetten wurde. It wie in útdaging, mar wy ha as organisaasje tige ús best dien om der in moaie en ferantwurdlike wike fan te meitsjen. En dat is tige slagge!

De Spulwike koe troch de maatregels foar alle bern 'mar' twa dagen duorje. Mar wat ha sy yn die twa dagen in willehân! Mei it tema 'Olympyske Spulwike' bin der yn de Olympyske doarpen Winnerwierrum, Easterlympics en Wokyo Olympyske spultsjes dien. Derneist koe it survivelje en it ferve smieten fansels net ûntbrekke. Mei in grutte groep bern en liederen bij inoar, lekker gek dwaan, der wie elkenien sa oan ta. En wat in enthousiasme yn alle trije doarpen; we ha de bern en de liederen nea sa lûd sjongen heart! Marlou: Myn lêste jier as Sekretaris. We hoopje dat we in "corona- en soargeleaze spulwike" organisearje meie, wêrby we it echte spulwikegefoel wer oerjaan kinne oan elkenien. We ha it úterste beslismomint fanút de stichting meardere kearen fierder útstelt omdat wy sa graach dit jier wer Spulwike organisearje woene. Lykas Welmoed bin ik bliid om te sjen dat wy yn dizze koarte tiid mei ús frijwilligers wer in machtich moaie wike delsetten hawwe foar alle bern!

Foar Easterwierrum pakte it healwei de wike spitigernôch wat oars út. Undanks alle tariedingen en foarsoarchmaatregels waard op woansdei dúdlik dat der in coronabesmetting wie ûnder de lieding fan

Easterwierrum. Dertroch is de Spulwike der ôfblaast foar de hûndert bern fan woansdei en tongersdei. Tige begrutlik en spitich, mar de sûnens fan elkenien stiet fansels foarop. Healwei de fakânsje kaam fanút de lieding fan Easterwierrum it initiatief om de spesjaal foar Spulwike makke shirts by de bern thús lâns te bringen. Kompleet yn Spulwikesfeer, mei enthousiast sjongende liederen en fansels koe it fervegefocht net ûntbrekke! Moai dat de bern hjirtroch dochts in Spulwike oantinken hawwe yn dit bysûndere jier.

Wy ha de Spulwike dit jier meimakke fan efter de skermen. Gjinn liederen fan in groepke, mar oeral en nearne in hantsje helpe. Hjir troch krije je de mooglikheid om te sjen hoe alle liederen en frijwilligers op in oare manier hurd wurkje om der in moaie Spulwike fan te meitsjen. Grutsk binne wy derom op alle liederen en frijwilligers. Sy ha, ûnder dizze bysûndere omstannichheden, in prachtige Spulwike opsetten. Elkenien tige tank foar de ynset en it enthousiasme. Wy hoopje dat wy oar jier wer in machtige wike organisearje meie!

Wy winskje jimme in soad wille ta mei it lêzen fan de Spulwike krante en graach oant takom jier!

Welmoed Vellinga en Marlou de Jong
Foarsitter en sekretaris Stichting Spulwike



Side 2

Wokyo stoomt sich klear foar de OS



Side 4

Spulwike oardel meter ferkearing



Side 5

Aaigefjocht by de Easterlympics



Side 7

Te let opjûn troch mem

De earste kear yn Winnerwierrum

Troch Nynke

Lyk as foar de bern is it foar my de earste Spulwike as lieder. Fan beide kanten is er in lichte spanning te fielen, mar ek in protte enthousiasme. Nei de moeting

mei myn groepke is de spanning by my al aardich fuort rekke. De bern sjogge de kat noch efkes út 'e beam, mar nei it fervege-fjocht binne ek sy hielendal oan de Spulwike went. Nei it fersieren fan'e tintsjes en inoar

wiene no it poadium, de span-doeken en slingers oan 'e beurt. Doe't dit allegearre prachtich fersierd wie koene wy dwaande mei it echte wurk, namment-

lik spultsjes dwaan om safolle mooglik punten te heljen. De bern ha harren uterste best dien, mar spitich genôch hearden wy oan it ein fan'e dei dat wy as

Winnerwierrum dochs noch in pear punten te koart kamen om fan Easterlympiks en Wokyo te winnen. Gelokkich hiene wy tiisdei noch in dei om mear punten te beheljen!



De earste dei fan de machtige Spulwike!

Troch Jurjen en Wouter

It is moandei te moarns, de earste dei fan Spulwike. Je sjogge gewoan dat er in soad senuwen binne, by sawol de lieder as de bern. It is elke kear dochs wer wachtsje of je aardige bern of in gigasuperdupper lieder krije. Gelokkich hawwe wy yn Littens trije hiele

kapabele mikrofoan mannen en froulju. En dertroch binne de senuwen samar wer fuort. As jo dan ek noch in cheerleader op in pûch ha en in âld mantsje mei wat wetter, dan kinne jo sprekke fan in superstart. In mien 10de ier as spulwike-

lieder kin ik der noch tige fan genietsje, tegearre mei Wouter bin ik op aventoer west. Wouter docht dit jier foar it earst mei yn

Easterlittens. Nei seis jier yn Easterwierrum wurdt it tiid om ek de oare doarpen te ûntdekke. De earste kear yn Easterlittens moat fansels in fantastyske erfaring wurde, dus ik ha him gelyk mei op sleptou naam! En wat ha

wy in machtige dei hân. Ik hie dus hjoed gjin 5 spulwike topbern, mar 6! En wat wiene se allegearre fanatyk by de foksejacht, it fervesmytgefjocht en de Olympyske sportspultsjes. Op nei moarn, it wurdt wis wer in topdei!



Wokyo stoomt sich klear foar de Olympyske Spulwike!

Troch Jorrit

Ek al is de groep mei bern dit jier wat lytser as oars, de trommelfluezen hiene it hjoed dreech. Wat in kabaal. We binne begûn mei een echte warming-up fan de FitGirls. Muzyk oan en de

spierkes lekker waarm meitsje. It is namelijk sa dat se hjoed sich kwalifisearje moasten foar de Olympyske survival run. No, ik kin jimme fertelle, it is een heftich parkoers. Mar noch net ien tel út it Olympyske Doarp (De Arena) en de bern fleine al mei syn allen

troch de blauwe drek. Sa gek as in doar! Even weromkeppelje op dat Olympyske Doarp, der ha de bern hun folkslieten en hutten makke, krekt as bij de echte Spelen. Architektonyske wûndren binne hjir ûntstien. De iene tinte wie al krekt wat stabiler as de oare, mar dat mocht de pret net bedarje. Want meidwaan is belangriker as winne. Mei de spultsjes ha de bern alle útdagingen krigen dy't een Olympier nedich hat. Der wie een stoarmbaan makke foar de fysike training. Se moasten mei harren lichem alle sporten útbylde wer we de teambuilding mei trainden. Ek de harsens binne noch even testen mei een Olympyske quiz. De dei is einige mei in lekker breadsje knakwoarst, en de bern ha mei folle oertsjûging hun folkslieten hearre litten. Wy binne der wis fan dat dizze bern hielendal klear binne foar hun Olympysche survival run moarn!



DE SPULWIKI STIPERS FAN 2021

**Administratiekantoor
G. van Putten**
www.gervanputten.nl
Kubaard

**Audio Frysk / DAT
Tekstbureau**
www.audiofrysk.nl
Easterwierrum

Autobedrijf Sypersma
www.autobedrijf-sypersma.nl
Easterwierrum

**Automaterialen Ronald
Morien**
www.ronald-morien.nl
Wiuwert

Autofirst Menno Walinga
www.autofit-mennowalinga.nl
Winsum

**Autoverkoopbedrijf
Van der Wal**
www.autoverkoopbedrijf.nl
Winsum

BECS Tentverhuur
06 18553797
Wommels

Beista uitvaartzorg
www.beistautvaartzorg.nl
Easterwierrum

Boubedriuw Kooistra
www.boubedriuwkooistra.nl
Kûbaard

**Bouw- en Restauratiebedrijf
Sytse Douwe van der Vegt**
www.sdvandervegt.nl
Weidum

**Bouw-Tekenburo
Wietse B. Ligthart**
www.bouw-tekenburo.nl
Wommels

Boazumer Mjitte
www.boazumermitte.nl
Boazum

Bouwbedrijf Andree
www.bouwbedrijfandree.nl
Boazum

Bouwbedrijf Bootsma
www.bouwbedrijfbootsma.nl
Easterwierrum

Bouwbedrijf Frankena
www.frankenabouw.nl
Wommels

Brinkman Videoproducties
www.brinkman.tv
Boksum

**Bouwbedrijf
Van der Sloot**
www.bouwbedrijfvdsloot.nl
Winsum

Brouwer Schilders
www.brouwerschilders.nl
Wommels

Comfort Koe
www.comfortkoe.nl
Wjelsryp

Coop Supermarkt Tolsma
www.coop.nl
Winsum

Couperus Hydrauliek B.V.
www.couperushydrauliek.nl
Easterein

**Dierenartsenpraktijk
It Griene Hert**
www.itgrienehert.nl
Wommels

Dorpshûs yn mande
Wjelsryp

Doarpshûs MFC 'De Tysker'
Easterwierrum

Doarpshûs Weidum

Doarpshûs MFC 'De Jister'
Easterlittens

Dorant Installatiewerk
06-53579103
Weidum

Eetcafe de Trilker
detrilker.nl
Poppenwier

**Eppie Veenstra
Schilderwerken**
0517342077
Baard

**Frits Miedema
Dienstverlening**
06 12378427
Easterwierrum

Fysio Middelzee
www.fysiomiddelzee.nl
Boazum

**Gebr. Vellinga B.V. Int.
Handels- & Transportbedrijf**
www.gebrvellinga.nl
Easterein

**Gebr. Swierstra VOF,
Tuinaanleg en Loonwerk**
www.gebswierstra.nl
Weidum

Gemeente Leeuwarden

Gemeente Súdwest fryslân

**Gerbrandy State B&B
Groeps Accommodatie**
www.gerbrandy-state.nl
Boazum

**Gezondheidscentrum
GJ Fokkens**
www.gezondheids centrumfokkens.nl
Winsum

**Grasman
Onderhoudsbedrijf**
06-20805443
Boazum

HBW Montage
www.hbwmontage.nl
Baaium

Hebaco
0630306934
Wjelsryp

HEMA
www.hema.nl
Snits

**Hessel's
Toiletwagenverhuur**
www.hesselstoiletverhuur.nl
Stiens

HM Montage
06-46596585
Wjelsryp

Holiday Ice BV
www.holidayice.nl
Sint Nyk

**Hylkema
Hydrauliek service**
0653370044
Reahus

**Jan Sikkes Stoffen en
Gordijnen**
www.jansikkes.nl
Snits

**Jorrit Meinsma
Videoproducties**
jorritmeinsma.wixsite.com/jorritmeinsma
Jorwert

**Julius van der Werf
Tegelhandel BV**
www.juliusvanderwerf.nl
Snits

Kapasalon 't Kniplokaeltsje
0515-332320
Easterein

Kapsalon Rommy
058-2519049
Weidum

Keatsferiening "Wommels"
www.kfwommels.nl
Wommels

**Klaas Wynia
Timmerwerken**
www.klaaswynia.nl
Easterlittens

Klusbedrijf Daan de Vries
06-52090073
Wjelsryp

Klussenbedrijf It Wiel
www.itwiel.nl
Weidum

**Klussenbedrijf
Jan Pieter de Boer**
06-10949013
Bears

**Kooijmans verbouw en
sloopwerk**
www.kooijmansvs.nl
Easterwierrum

Lidl
www.lidl.nl
It Hearrenfean

**Logopedisch maatschap
Kingma en Wijnstra**
www.logopediefriesland.nl
Weidum

**Loon- en Aannemersbedrijf
Wierda BV**
www.loonbedrijfwierda.nl
Goënga

**Maatschap C. Elgersma en
I.G. Elgersma-Wind**
058 251 9987
Weidum

**Maatschap T.P. de Vries en L
de Vries Krips en P de Vries**
058 251 9456
Weidum

Mtsvici
www.mtsvici.nl
Weidum

**Montagebedrijf
Marco Bakker**
marcobakermontage.nl
Wommels

**Montagebedrijf
W. J. Kramer**
06-15574321
Winsum

Nijdam Skildersbedriuw
0515 332 754
Wommels

Op de Him
www.opdehim.nl
Jorwert

**Friesland Houthandel
P. Boersma**
0517 745 046
Winsum

Partycentrum It Dielshûs
www.itdielshus.nl
Wommels

Pizza's van Atze
www.pizzasvanatze.nl/
Weidum

Poiesz Supermarkten
www.poiesz-supermarkten.nl
Mantgum

**Stipers, freonen, frijwillichers en eltsenien dy't Spulwike
mooglik makket, tige tank foar jimme stipe!**



Blauwe drek bonuspunten!

Troch Reni

It is healwei tsien oere en de arena rint sa stadich oan fol, mei een fanatike warming up fer-soarge troch Marije en Janneke wurde de bern klear stoomt foar de olympyske survival. Om de einstân spannend te hâlden waard de striid útfochten troch de groepkes wêrfan de punten

it tichtst by inoar stien. Moandei wisten de fakkelsjouwers sich op it heechste plak te setten. Alle groepkes binne los, de bern binne enthousiast en it waar sit mei. We binne noch mar krekt los en de earsten wisten sich al yn 'e feart te fermeitsjen. Om de prestaasjes fan de bern goed heech te hâlden stûn it ranja duo klear mei spulwike sportdrink. By de

drek follybal koedest net mear oan de drek ûntkomme. Wylst de bern sich fermakken streamen de foto's foar it ekstra bonuspunt by de haadlieding binnen. Dit bonuspunt wie te fertsjinnen troch it groepke wat it meast ûnder de blauwe drek siet. De tiid flecht



foarby. Rûn trije oere rint de arena werfol mei de bern. Nei in swiere survival wie it tiid om spulwike ôf te sluten mei een cooling down. De punten binne optelt en útslach waard bekend makke. De Zeuskes ha

de Olympyske spulwike wûn! It wie tiid om de fotolistjes út te dielen en ôfskied te nimmen fan de bern. It wie een prachtige dei!

Spulwike-oardel-meter-ferkearing?

Troch Allert en Sietze

De earste spulwikedei einige mei in útslach wer't elkenien fan skrok. De postboade brjocht ús nijs dat Easterlympics en Wokyo mei in daverjende start oan de Olympyske Spulwike

begûn wiene. We moasten in soad punten behelje, om noch kâns te meitsjen op Olympysk goud! De twadde dei begûn feestlik mei de jierdei fan Brecht, mei in traktaasje fan in bytsje doping, yn de foarm fan in dropke. Dernei krigen de bern fragen oer Olympyske sporten, mar ek oer de lieder. Sa siet der in fraach by oer lieder Tjerk en lieder Ymkje: "of sy wol as net ferkearing hiene." It antwurd fan de bern wie unanym: sy hiene oardel-meter ferkearing. Sy joegen oan dat se wol fereale wiene, mar noch gjin ferkearing hiene. Doe Tjerk ûnder druk fan de bern ferkearing frege oan Ymkje, sei se fol oertsjûging: JA!

No wy Easterlympics foarby sjitten op it skoareboard, moast de lieding oan 'e bak by it "lieder versus lieder-spultsje". Om't dit jier it pankoeke iten spitichgernôch net trochgje, moasten de lieder it beslach foar takom jier alfêst op inoars bûk meitsje, mar dan sûnder hannen én ûnder tiids-

druk. Al koppend waard it iene ei nei it oare stikken slein, en mingt my moal en yochert. Dit soarge foar in soad boargjen, mar ek foar in hearlike en folslein unike 'spulwike-deo'. Al mei al moast dizze ynset soargje foar

Olympysk goud.

It wachtsjen wie noch op de postboade, foar it ferlossende nijs. Doe de postboade oankaam mei it slúfke, wie de spanning om te snijen. Doe't dúdlik waard dat WinnerWierrum de Olympyske Spulwike 2021 wûn hie, knalde it hiele doarp út syn foegen. De bern meie allegearre tige grutsk wêze op inoar en de lieder. Oan it ein folge noch in emosjoneel ôfskied en siet de Spulwike foar dizze groep der alwer op. Oant takom jier leave bern!



Spulwikefeteranen

Troch Jurjen en Bauke (dit stikje komt út de Spulwikekrante fan 2006, skreaun troch René Feenstra en in lyts bytsje oanpast troch Vleugelmoertje).

- Wy hawwe dit jier in hiel soad Spulwikefeteranen derby krigen: Jurjen, Bauke, Marije, Sybren Beert en Rik. In lieder mei 10 jier Spulwike-firus hat:
- sa'n 70 dagen meidien,
 - 40 liter ranja opsûpt en hat 153 kear ûnder de brûs stien,
 - 10 kear survivalt en dermei sa'n 100 kear yn 'e feart lein,
 - 500 kear oerdeis Holle Bolle Tsjing songen, mei de jûns derby sa'n 873 kear,
 - 696 fleskes Spulwikebier opdrongen en 32 healfol stean litten,
 - sa'n 70 T-shirts en fotolistjes makke,
 - 65 bern de wike fan harren libben jûn,
 - 138 oeren oan gearkomsten en haadliedingpetear bywenne,
 - 2 jubilea meimakke en 10 reünys fan de lieding,
 - sa'n 95 kear it jûnsprogramma oankundige om dêr de lieder ek de jun fan harren libben te jaan,
 - 203 bern en 69 lieder yn 'e feart goait,



Saken as de tintsjes opbouwe, survivalje, bierfleske-race, pankoekeite: it is en bliuwt machtich. It makket neat út wa'tst bist, yn 'e Spulwike is elkenien lyk! It is moai west; koe it mar altyd Spulwike wêze. No is it wer tiid foar oaren; ús Spulwikebern fan eartiids binne de lieder fan no. Oar jier gean sy fierder wer ik ophâld en ik ha sjoen, dat sit wol goed!



Wokyo-woansdei!

Troch Beitske

Woansdei begûn yn Wokyo de dei mei it kennis meitsjen mei in nij groepke bern. Om de wike foar de bern sportyf yn te lûden hiene we in warming up, mei ús

mikrofoan duo as foarbyld. Nei de sportive warming up wie it fansels tiid foar it fervesmiten! Sa koene bern en liederers inoar even goed ynsjipje, om de rest fan de dei as 'libjende keunstwurken' de spultsjes te



dwaan.

Ûnder it fervesmiten hawwe wy ek de tinten moai fersierd. It wie moai waar, dus binne der fansels ek wat bern en liederers de feart yn goait. Ek ús mikrofoanman Wouter waard der fanatyk yn goait troch de bern. Sommige bern hiene it einekroas oan it ein fan de dei noch yn it hier!



De spultsjes wiene bot slagge, foaral op it fjild wiene de bern fanatyk. Fansels moasten ús liederers ek even stride om te winnen, by de estafette is der dan ek hiel hurd draafd. De winnende lieder soe mei in grut applaus huldige wurde, wêrtroch sommige groepkes noch folle fanatiker waarden. Om 12 oere moasten alle bern en liederers harren wer sammelje om in hearlik breadsje knakwoarst te iten yn de arena. De

lêste spultsjes wiene dernei oan de beurt, om noch safolle mooglik punten te skoaren foar op it skoareboerd. Oan it ein fan de dei wiene it de Fakkelsjouwers, de Karate Kids, de Judoka's en de Dopingkontroleurs die't boppe-oan stiene. De folgjende dei soe it tusken die groepkes dan ek spannend wurde, mar der koe fansels ek noch fan alles gebeure!

Aaigefjocht by de Easterlympics!

Troch Nynke en Greetje

Woansdei, nije bern! Liederers wer mei frisse enerzjy, skjinne shirts en in hiele bult nocht op it fjild. De bern drippelje binnen, de ien fol enthousias-

me, de oar noch wat senuweftich mar dat rint gau los. We starte mei in foksejacht en "sykje dyn lieder". De liederers binne ferklaaid as sporters. In manlike cheerleader, in hoc-



keyster en in paralympier wiene fan de partij! De bliere gesichten fan de bern bij it moetsjen fan harren lieder is goud wurch. Fanôf dit momint sjogge je de teams foarmjen en begjint de gearwurking. Hokker lieder moat earst de feart yn en wa is de folgjende. Dêrnei is it oan de bern en bin de earste blauwe

drek gesichten te sjen. Nei de bôle is it tiid foar it fervegefjocht! Bulten ferve, enthousiaste liederers en bern, ien grut feest! Mei de drek en ferve noch op it gesicht en yn it hier is it tiid om punten te fertsjinjen mei sport en spul. De

bern gean foar bonuspunten dus dogge tige harren best.

Dizze dei wie der ek wat nijs: aaisykjen! In aaigefjocht ûnder de liederers koe net ûntbrekke, de bern genietsje fan dit spektakel. We slûte ôf mei de disko! Bern thús lit jimme âlders mar ris even ús nije

spulwike dûnskes sjen! Wy ha no al sin in oan moarn!



Spulwike makket spulwike brekt.

Troch Marrichje Abma

Acht jier lyn begûn foar my it Spulwike aventoer. Bij de earste

gearkomste foar liederers trof ik in oare lieder die ek foar it earst mei dwaan soe. Ús earste spulwike wie machtich; wat in wille hienen

wy mei inoar en de bern fan groep 3 en 4. Nei trije jier lieder wêzen stapte ik oer nei de mikrofoan, ik krij elts jier pikefel at ik de earste lûde Holle Bolle Tsjing hear fan san 120 bern yn de arena fan Easterwierrum.

No acht jier letter wie dit myn lêste kear Spulwike, mar Spulwike stoppet foar ús net.

In siswize die we binnen de Spulwike wol ris hearre is 'Spulwike

makket, Spulwike brekt'.

Dat kloppet dochs wol aardich, ik ha myn leafde der fûn; Spulwike hat ús makke en wy meitsje ek in stikje Spulwike. Yn novimber wurd in wiere Spulwike baby berne!



Fynstoe ek dat Spulwike bestean bliuwe moat?

Wurd "Freon fan Spulwike" en help ús om dizze machtige wike ek yn de takomst mooglik te meitsjen!



Gean nei www.spulwike.frl en klik yn it menu op "freonen".



DE SPULWIKE STIPERS FAN 2021

Puur Posthuma www.echtebakkerposthuma.nl Wommels, Bolsward, Sneek, Scharnegoutum	Renewi www.renewi.com Drachten	SiBe Swierstra Dienstverlening en Loonwerk 06 23102848 Weidum	Silobags.nl info@silobags.nl Jorwert	Smids DesignStudio www.smidsdesignstudio.nl Weidum
Sneek Recycling www.sneek-recycling.nl Snits	Slachte Events www.slachte-events.nl Wommels	Slachtepop www.slachtepop.nl Wommels	Speerstra RVS 0642619794 Easterwierrum	Speerstra Zorgmanagement en Consultancy 0642619794 Easterwierrum
Sunset Salon 0631934735 Easterwierrum	Tallship Company 0651601696 Easterlittens	Talsma Bouwkundig Advies-, Ontwerp- en Tekenbureau www.albertdirktalsma.nl Weidum	Timmer- en Aannemersbedrijf Hoogma 06 55344708 Baard	Timmerbedrijf Peter zijlstra 06 34504259 Easterwierrum
Tjibbe T. Deinum Agrarische en Montagewerkzaamheden 0517341113 Wjelsryp	Tuincentrum De Gaardenier tuincentrumgaardenier.nl Wommels	Tweewielers de Jong www.dejong.biketotaal.nl Wommels	Van Balen Boekhoudburo www.vanbalenboekhoud- buro.frl Jellum	Van der Velde Slaapcomfort, mode & textiel www.uwslaapspecialist.nl Winsum
Van der Wiel Holding BV www.vanderwiel.nl Drachten	Wheagan Multicar Service www.wheagan.nl Wommels	Woonvaria Colors home www.woonvaria.nl Wommels	Koning & Strikwerda Bouw- En Houtbewerking Bv 06 13093242 Winsum	Teijema Multiservice Wjelsryp Wjelsryp
Koning & Strikwerda Bouw- En Houtbewerking Bv 06 13093242 Winsum				

Spulwike yn oantallen

Troch Cornelis - Foarsitter
Stiperskommisje

Alle jierren wurd der fanút it stich-
tingsbestjoer in oantal saken yn
'e tarieding regelt sadat de wike
sûnder soargen ferrint. Dat betsjut
ek dat wy al fanôf jannewaris gear-
komsten hawwe. Yn dizze (dit jier
foaral digitale) gearkomsten wurde
aksjepunten trochnaam, in wich-
tich ûnderdiel. De aksjepunten
moatte wiidweidich besprutsen
wurde, dat der foar soarget dat de
tafel faaks goed fol wurd mei fles-
kes, ek hiel wichtich fansels.
Op de Spulwike binne der in soad
bern en liederes, hokker allegear-
re genôch iten en drinken nedich
hawwe. Dat betsjut: 250 liter ranja,
700 liter molke en poeriermolke,
750 iisko's en dit jier mear as 1.400

knakwoarsten yn plak fan san
2.400 pankoeken! As bestjoerslid
fan de Spulwike mochten we dit
eltsjier ynkeapje. Dat binne oantal-
len wêr jo by in normale húshâlding
allinne oan tinke as jo oan it ham-
sterjen binne!
As bestjoerslid komme jo ek mei
in hiel soad minsken yn kontakt.
Elts op syn eigen manier belutsen
bij de Spulwike. Sa binne der 120
frijwilligers direkt en 150 yndirekt
frijwillich belutsen. Ek binne der
san 150 stipers en in soad 'Freonen
fan de Spulwike'. Troch mei syn
allen in bytsje te dwaan kinne wy in
soad berikke. Geweldich! Dêr wol ik
elkenien foar betankje.
Nei acht jier hâld it Spulwike aven-
toer foar my op mar ik hoopje dat
Spulwike noch lang trochglean mei!



Stipers, freonen, frijwillichers en eltsenien dy't Spulwike mooglik makket, tige tank foar jimme stipe!



Bisto benijd nei mear foto's en wolst op 'e hichte bliuwe fan Spulwike 2022?
Folgie ús op Facebook en Instagram fia @spulwike.littenseradiel!



Te let opjûn troch mem

Troch Antje en Martine

It is woansdei te moarn, healwei âlven. Alle bern fan Easterlympics binne op syk nei harren lieder. Wylst de shirts útdielt wurde, fine de mikrofoanmannen Bauke

en Bauke út dat se in lieder te folle hawwe. Der stiet se, Antje. Har mem hie har te let opjûn foar de Spulwike wêrtroch se gjin groepke hat om te lieden. Omdat Antje wol hiel graach helpe wol en it tema far dit jier

de Olympyske Spulwike is, liket it Bauke, Bauke en de bern in goed idee om te sjen of Antje miskien goed is yn in sport. Wilens sport en spul docht allinne bliken dat Antje net sa goed horde rinne, follyballe en diskuswerpe kin.

Miskyn sit har sport der wol net tusken, dus wurdt der besletten dat se tongersdei mar fierder sjen moatte. Ek tongersdei giet Antje der fol foar! Se wurdt útdage om it op te nimmen tsjin in ervaren Biatlonner. It langlaufen litte se sitte omdat der gjin

bergen yn Easterlympics binne. It sjitten giet allinnich ferskrlik mis! Yn plak fan it boerd te reitsjen, rekket se Bauke! Ek nei de



survival docht bliken dat Antje hielendal net geskikt is foar in Sport. Dan komt Bauke mei in wichtige meidieling, hy sil stopje as mikrofoanman. De bern binne it der oer iens, Antje moat de nije mikrofoanfrou wurde! Want Spulwike 'presintearje' kin se blykber wol hiel goed!

Mega spannende ûntknoping yn Wokyo!

Troch Marijke

De bern ha der sin oan en spatte fan de enerzjy. It wie gjin ferassing dat materiaalman Teun ûnder de druk fan de bern al foar âlven en foar de kamera fan Omrop Fryslân yn de feart lei. Hielendal ûnder de blauwe

drek fansels! Dernei binne we rûnom de Arena dwaande west mei ferskatene spultsjes wêrûnder it toulûken en autobân smite. Dernei gean de bern op paad, klear foar de Olympyske survival. Ek al is it net super waarm en waait it ek wol wat, de bern binne

net te stopjen. Fuort bij it earste spultsje al kopke ûnder. Bij it drek follybal binnen de bern hielendal net mear te herkennen. Fan top ta tien ûnder de blauwe drek! Dit omdat der hjoed ek wer in bonus punt te winnen is foar it bern dat it measte ûnder te drek sit. En



dit nimme de bern hiel serieus. Bij it tou slingerjen foarmjen de bern een rigele yn it wetter om de tassen droech nei de oare kant fan de feart te krijen. De wille koe net op bij Sietse Jan dy't, op de kraan, it iene nei it oare bern yn rûntsjes om de kraan lûkt. Werom yn de Arena bouwe we de spanning op. Wa hat dizze edysje fan de Olympyske spulwike wûn?! De lieder jouwe de skoares troch en dan kin de

puntenkommissje dwaande mei it einklassemint. Hielendal boppe oan de Fakkelsjouwers mei 34 punten, folge troch de Judoka's en de strânstriders mei beide in twadde plak. Nei in grut applaus foar de winners wurdt it tiid om de tinten ôf te brekken. De lieder foarmje een earehage wer de bern ûnder troch rinne kinne en hjirmei komt der in ein oan Spulwike 2021.



Tsien jier wille!

Troch: Sybren Beert en Marije

Spulwike is foar ús beiden hiel bysûnder. Sybren Beert hie gjin idee wêr't hy oan begûn, oansjoen hy net opgroeit is yn de gemeente Littenseradiel. Foar Marije wie dat oars, sy die as bern mei oan dizze machtige wike

en tocht hjir moat ik as lieder by wêze. Wilens ús earste jier seagen wy de eagen út. Wat is it genietsjen as de bern safolle wille hawwe en de hiele dei mei in laits rûn rinne. De wetterspultsjes, it ferve gefjocht, it pankoek iten, sjonge yn de karre en pikefel by it entûsjasme fan de bern oer it fer-

haal; it makket de wike kompleet. Derneist beseffe wy ús dat wy d'r nei in wike Spulwike in famylje by krigen hawwe en freonskippen ûntstean binne foar it libben. Yn 2016 naam Marije de funksje fan ponghâlder/sekretaris oer, om de Spulwike fanút in oar perspektyf te belibjen. In jier letter waard Sybren Beert foarsit-

ter, wêrfoar noch wol de nedige taktiken tapast wurde moasten om him oer te heljen. Efterôf docht bliken dat dizze funksjes de Spulwike miskien noch wol moaier meitsje as fan te foaren tocht. We fiele ús beide ferantwurdlik en sette fanôf jannewaris alles

op alles om wer in machtige wike del te setten yn Easterwierrum. As je dan sjogge dat alles wer rint en de bern wer folop genietsje, dan komt it beseft: gjin wûnder dat we dit tsien jier mei leafde dien hawwe!



